Oan de leden fan de ried fan de gemeente Dantumadiel
Postbus 22
9104 ZG Damwâld

Us merkteken:	2026-273601
Behannele troch:	Kolleezje fan boargemaster en wethâlders
Datum brief:	9 novimber 2026
Datum college:	9 novimber 2026

Underwerp: agrarysk lânskipsbehear

Achte ried,

Op freed 16 oktober 2026 hat de fraksje fan FNP op grûn fan artikel 34 Reglement van Orde skriftlike fragen steld oer agrarysk lânskipsbehear.

Wy fine it wichtich om de stelde fragen soarchfâldich en yn gearhing te beantwurdzjen. Dizze problematyk wurdt ôfstimd mei de gemeenten Achtkarspelen, Tytsjerksteradiel, Noardeast-fryslân en Smellingerlân. Wy wolle der op ta dat de gemeenten dy't diel útmeitsje fan it wurkgebiet fan de Noardlike Fryske Wâlden safolle mooglik in mienskiplike line hantearje.

Op 18 novimber oansteande fynt hjiroer in bestjoerlik oerlis plak, wêrby't ek de deputearre fan de provinsje Fryslân oanslút. Dit oerlis is derop rjochte om meielkoar ta in gedragen rjochting te kommen. De útkomsten hjirfan wolle wy graach belûke by de beantwurding fan de fragen.

Om dy reden slagget it ús net om de fragen binnen de yn artikel 34, tredde lid, fan it Reglement van Orde stelde termyn te beantwurdzjen. Wy ferwachtsje de fragen foar 11 desimber 2026 te beantwurdzjen.

Mei freonlike groetnis,
Ut namme fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Dantumadiel,

T. Dijkstra
Sekretaris